

Neitins oan Hotze Schuil

Betinkingsrede útsprutsen op 30 novimber 2005 troch PC-foarsitter Jan van der Meij op it Sjúkelân yn Frjentsjer



PC-foarsitter Jan van der Meij leit in seadde út it Sjúkelân op de kiste fan Hotze Schuil.
(Foto: Gert Gort)

Famylje fan Hotze Schuil, keatsfreonen, freonen en belangstellenden: boppe de doarren fan de sudertoer stiet de tekst: “Hjir is it keatsen”. Boppe dy fan de noardertoer: “Hjir rekket de bal it hert.” Op 16 maaie 2003 waard de sudertoer troch Hotze en Piet Jetze iepene en dêrnei kamen sy it fjild op. Op 30 novimber 2005 komt Hotze wer mei Piet Jetze, mar no troch de noardertoer it fjild op. Ek dat rekket it hert.

Troch de jierren hinne is de bal troch tûzenen hannen slein. Hjoed binne wy hjir om’t wy it reitsjen fan de ballen troch Hotze Schuil, dy’t ús ûntfallen is, betinke wolle. En wy wolle it byld en de geast dy’t efter dizze grutte Harlinger Ouwe Seun sitte, fêstlizze yn ús ûnthâld. Om’t ús hert rekke is, troch syn ballen, syn prippers en syn hege kûgels efteryn. Ballen dy’t steane foar it libben, foar boppe- en foar kweaslaggen, foar

hichte- en djiptepunten, yn it libben fan Hotze Schuil. Op wei nei Goutum stekke wy noch ien kear oan mei him yn ús fermidden. Net yn De Bogt, mar op it Sjúkelân. Wy binne troch de poarte gien dy’t dit Sternse Slotlân tagonklik makket, it plak dêr’t Hotze safolle súksessen belibbe hat. En hjir is Hotze noch ien kear op it fjild dêr’t hy ûnder syn karriêre, mar ek dêrnei, in net te omsyljen fenomeen wie. No krijt Hotze noch ien kear de krânse. Syn lêste.

De krânse is symboalysk foar al syn prestaasjes sa tusken 1942 en 1972, foar alle kearen dat hy foar Eendracht gloriearre, foar alle bûnspartijen, foar alle frije formaasje- en útnoegingswedstriden en foar alle PC’s dy’t hy dominearre. Dêr op de hoeken hingje de flaggen fan dizze organisaasjes. Hotze leit der tusken yn. Mar de krânse is benammen ek bedoeld foar Hotze Schuil sels, gewoane Harnzer jonge en man, keatser, havenarbeider, heit fan Heleen, Margriet en Lidia en ek as in heit foar syn nicht Petra, man fan Mettie en opa fan sân pakesizzers. Hotze mei al syn swakke en sterke kanten, dy’t troch syn persoanlikheid en ferskinning ús hert rekke hat.

Hotze Schuil, yn 2000 útferkeazen ta keatser fan de ieu, wie al by syn libben in leginde. In man dy’t altyd noch yn de belangstelling stie, oant de dei fan syn dea ta. Hy wie noch tige graach gast yn bygelyks it PC-kafee en op jubilea. Hy wie ûnderwerp fan stripferhalen, syn biografy

wie hast klear. Ate de Jong, Wio Joustra en Jelle Bangma kinne no it lêste haadstik skriuwe. Hotze wie in protte minsken dierber, dat blykt ek hjir wol wer. Hotze wie in man fan it folk, dêr't er him ien mei fielde. Hy hie muoite mei autoriteiten, mei bestjoerders, mei gewichtichdwanerij. Hy relativearre faak en koe it kearneftich melde. Dat hat in protte minsken oansprutsen, mar ek dat praatsje, dat kontakt, dy gekoanstekkerij. It gefoel foar rjochtfeardigens wie by him sterk ûntwikkele. En dat alles hat seker te meitsjen mei syn bernejierren, dy't yn earmoedige omstannichheden ferrûnen. En doe't hy in jongkeardel waard, krekt oan it begjin fan syn keatskarriêre, waard er yn 1943 yn Dútslân, yn Hamburch tewurksteld. De bombardeminten, de dea rûnom, syn swiere tocht nei Harns werom, hawwe doe by him syn skepsis foar alles wat autoriteit is, foar wa't it te sizzen hat, fergrutte. Hy fielde him as minske yn syn djipste wêzen faak deltrape.

Dan komme nei 1945 de keatsúksessen, dan wurdt hy troch it folk, jong en âld op hannen droegen. Dan koestert hy dat gefoel wurdearre te wurden en dan giet hy mei yn dy keatswrâld fan doedestiids. In wrâld dêr't jo dan sterk yn stean moasten om der net letterlik en figuerlik yn te fersûpen. En dat slagge Hotze beslist net altyd. Jo binne nammentlik in held dy't troch eltsenien as freon beskôge wurdt. Guon minsken hawwe dat net yn him wurdearre kinnen. Mar dy hawwe him ek net altiten begrepen. Syn swakte om him sa no en dan oer te jaan oan wat oaren him foarsetten, yn in sfear dat hy op in fuotstik pleatst waard, hat op him sels, mar ek op syn gesin in grutte ynfloed hân. It wie foar Mettie en de bern net altyd maklik om de saak yn lykwicht

te hâlden. En dochs wie hy in geweldige heit, sa sizze de bern. Hotze hie twa kanten, ha ik yn 1996 op de resepsje sein: "Hy wie in ynnimmende man." En dat hâldt alles yn.

Doe't ik, tegearre mei myn frou, him en Mettie yn 1995 opsocht en mei it doel kaam om him yn 1996 op de resepsje te krijen, doe is der in feroaring kommen yn syn tinken oer bestjoerders, lykas fan de PC. Wy kamen yn gesprek, wy kamen op deselde golfingte. Wy ha dêrnei in protte petearen hân en ik kaam geregeld by him en Mettie del en ek nei it ferstjerren fan Mettie kaam ik noch by him. Doe hie hy it swier, hy koe dat ferlies einliks gjin plak jaan. Mar ik bin der wis fan dat hy al dy kearen dat hy, nei ús petear yn 1995, op de resepsje en op de PC kaam, der in protte mear wille oan belibbe hat. Myn moaiste en oandwaanlikste momint mei Hotze hat west de deis nei de PC fan 2003. Nei't Mettie yn oktober 2002 ferstoarn wie, haw ik mei him en dochter Margriet en har man nei it grêf fan Mettie west. Dêr ha ik it blomstik fan de PC-tinte dellein. Dat joech in waarmte dy't ik nea ferjitte sil.

Hotze is yn de nacht fan tongersdei op freed fredich ynsliept. De glimp om syn mûle bliuwt my by. Ik tocht doe oan dat momint dêr op it tsjerkhôf yn Harns. Famylje en eltsenien hjir oanwêzich, ik wol foar't ik ôfslút, in symboalyske hanneling útfiere troch daliks in seadde fan it Sjúkelân te stekken en dy oan Hotze meijaan op syn lêste reis. De ferbûnens mei it keatsen, de PC en it Sjúkelân fan dizze geweldige keatser, keatsfreon en minske is dêrmei folslein.

It gat dat hjir no is, symbolisearret it gat dat

Hotze efterlit. Mar it sil him wer opfolle en it wurdt wer grien. Sa giet it ek mei ús, no't Hotze der net mear is. It jout in gat yn ús gemoed, mar ek dat wurdt wer opfolle mei gedachten en oantinkens oan dizze bysûndere minske. Lit ús ien minút nimme om foar ússels oan Hotze te tinken.

Tanke wol.

Op fersyk fan Hotze, dy't altyd oanjûn hat it sa te wollen, sille wy ta beslút fan dizze betinking it Frysk folksliet sjonge. Dêrnei graach de dragers en de famylje de gelegenheid jaan om it fjild as earsten te ferlitten. As dat bard is, is eltsenien troch de famylje útnoege om de kremaasjeplechichheid by te wenjen. Dêrnei is der gelegenheid ta kondolearjen yn Nij Andringa State by Marsum.

Ik tankje eltsenien dy't dizze betinking mooglik makke hat. Geweldich, dat jimme hjir sa manmachtich wiene. En ik wit seker dat as Hotze dit sjen koe, hy sokssawat sizze soe as: "mut dit nou allemaal foar su'n gewoane Harlinger?". Mar ûndertusken hie hy it prachtich fûn.

Jan van der Meij